

102 Hjoed is ús de Treaster kommen

1. Hjoed is ús de Treaster kommen!
Jezus, nei de himel fearn,
Jezus, fan dizze ierde nommen,
lit ús net as wezen stean.
De foarseine ha w' ûntfongen,
't is de krêft fan God de Hear,
en 't is foechsum, kear op kear,
fan syn kommen lof te sjongen.
Alle tekens binne mei:
hearlik riist de pinksterdei.
2. Lof de Geast, dy't fan omhegen
útstjoerd wurdt fan Heit en Soan.
Lit de lofsang allerwegen
stige ta syn hill'ge troan.
Loovje Him dy't jout en jûn wurdt,
útstjoerd wurdt en sels wer stjoert,
God is en in godlik goed,
dat yn syn gemeente fûn wurdt;
Him dy't skept en wer fernijt
en de Heare ús herten wijt.
3. Lof de Geast, Hy sil net wike
fan syn tsjerke, kocht mei bloed.
Altyd sil syn bystân blike,
hoe't de fijân op har loert.
Sochte skiep, o wol net skromje,
as de nacht jim wreed oerfoel,
eangje net om paad of doel!
Soe de Geast des Heare slomje?
Is 't gefaar soms tichteby,
oer syn keppel wekket Hy.
4. Geast fan kennis, Geast fan wierheid,
fan genede en fan gebed,
lear te gean ús by jo klearheid,
lis ús 't heilgeheim yn 't hert!
Lear ús Abba, Heit, te bidden,
Jezus te beliden: Hear!,
't al te wijen ta jo ear.
Wenje en wurkje yn ús fermidden,
súv'rje yn jo hill'ge brân
d' offers fan ús hert en hân.

5. Treaster, Salver, stoart jo seine
oer ús toarre grûnen út;
lit it drippe, lit it reine
ek oer d' alderlytste sprút.
Leafde sil ús herten reitsje,
libje sil wat drôvich kwynt,
as de pinkstersinne skynt.
Noard' - en sudewyn, ûntweitsje,
set jo hof yn bloei en blom;
kom, o Geast des Heare, kom!

Isaac da Costa (1798 – 1860)
oersetting: Fedde Schurer / Bernard Smilde / M. Wybenga